



# **1, 2, 3 HOPPA**

**Blijspul foar dames yn fjouwer bedriuwen**

**fan**

**ANKE STEFFERS**

**Fryske oersetting**

**Baukje Stavinga**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**

**Tel: 072 - 5 11 24 07**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

**Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## **VOORWAARDEN**

Alle amateurverenigingen die het stuk: **1, 2, 3 HOPPA – 1, 2, 3 HOPPA** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **ANKE STEFFERS** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 2020 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet:** [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

**E-mail:** [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

**Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **5** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,**  
**Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.**  
**Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

Ursula (30-40 jier), de drill ynstruktrise. Pittich, kordaat.

Manager Jane (50-60 jier) Regeltante, hâldt graach it oersicht en de kontrôle. Hat in geheim, wat in frjemde hobby blykt te wêzen.

Vikki (30-45 jier) Kreaze, seksy dame. Is fiis fan alles (bisten, wc, de kij om de kamping hinne) Hat ferskate manlju fersliten.

Hedwig (50-65 jier) De ûnhandige, ûnnoazele wat te dikke dame. Sûnder kondysje. Net taktysk, mar wol earlik.

Marin (50-65 jier) De fredestichter. Ferstandich en oeral entûsjast oer.

## **IT DEKOR:**

It dekor moat in kear feroarje, der moat dus in basis wêze mei in griene eftergrûn (*bosk, beammen*) Yn it begjin leit der op'e grûngers (*grien keunstgers*) Dérnei wurdt it dekor in bosk. Mei, as der romte foar is, wat planten, beamstammen, stiennen.

Ek moat der noch in lyts poadiumke komme. Under in beam bygelyks.

## EARSTE BEDRIUW, DIEL A

(opmerking: by it opsetten fan de tinten kin it wêze dat, troch it type tinte, bepaalde teksten net helendal kloppe. Dit moat dan even oanpast wurde)

(Jane komt op. Se hat in koffer en in taske by har. Se leit de bagaazje del en docht de koffer iepen. Sels giet se mei de rêch nei it publyk ta sitten. Ut de koffer pakt se in lyts kofferke. Se sjocht om har hinne at der net ien sjocht, docht dan it lytse kofferke mei in koade iepen. Se rommelt wat yn it kofferke om en hellet der wat út (it publyk sjocht it noch net)

**JANE:** Jim moatte der foar soargje dat ik it fol hâld, sa'n skoft fan hûs (se hâldt it foarwerp flak foar har gesicht, mar as Marin begjint te praten, stoppet se it fluch werom yn it kofferke en docht de lytse koffer wer yn de grutte. Marin komt op mei in echte soldatetas, in grutte griene)

**MARIN:** Wow, dit is echt in tof plak. Moai dy beammen dêr achter. En in prachtige kleur gers. En...even sjen...De sinne komt yn it easten op. En dat is...dêr. hearlik, hast de hele dei sinne.

**JANE:** Al sille wy wol net folle by ús tinten sitte kinne, Marin.

**MARIN:** Al binne it mar fjouwer minuten deis. Dan fyn ik it al prima. It survivallen kin, wat my oangiet, beginne (set de tas op'e grûn en makket dy iepen) Ik ha oeral aan tocht (wylst se it seit, pakt se it guod út'e tas) Tou, elastyk, katrollen, blikjes iten, gassteltsje, lûsjefrs. In drinkflesse en suveringstabletten foar it gefal dat wy gjin wetter siede kinne en ek in teedoek om it wetter te suverjen. O, en fansels Xifaxan foar it gefal ik oan de skijt reitsje. En fansels myn Switserse bûsmes.

**JANE:** Do hast dy wol heel goed tared.

**MARIN:** In goeie tarieding is it heale wurk.

**JANE:** Bist fêst wat nuttichs fergetten. Underguod of sokken of sa.

**MARIN:** Meastal ferjit ik myn pyjama (rommelet yn har tas en hellet der in pyama mei koweprint út) Hjoed net!

**JANE:** Hasto in idee wêrt Hedwig en Vikki no wer bliuwe? (sjocht op it horloazje) Wy binne al te let fuortgien trochdat Vikki werom moast foar har 'bern'. En no ferlieze wy wer tiid. Dat past net yn it strakke skema.

**MARIN:** Vikki rint op har hege hakken. Ik leau dat se by de earste stap yn it gers al mei har hakken hingjen bleau.

**JANE:** Wy sille in wike survival dwaan. Wa betinkt soks om op hakken fuort te gean?

**MARIN:** Al hat Vikki trijehûndert pear skuon. Dêr sit gjin praktyske stevige skoech by hear. Sille wy fêst mei it opsetten fan'e tinte begjinne?

**JANE:** Ik eh...in tinte opsette?

**MARIN:** Ja, of wolst fannacht gewoan bûten sliepe?

**JANE:** Nee..ik..eh..In tinte opsette? Dat kin in bern dwaan. Dochs?

**MARIN:** Bist fansels net wend. Wêr gie de lêste reis hinne? Curacao?

**JANE:** Ik ha ek wol es kampeard hear.

**MARIN:** Yn'e tún mei de buorjonge doe'st acht wiest.

**JANE:** Dat is dochs ek kampeare?

**MARIN:** Eins is (*achter de kûlizen, noch net te sjen binne stimmen te hearren*)

**HEDWIG:** Witst hoe swier dit is?

**VIKKI:** Do bist hjir de frôu mei gewicht. Ik net!

**HEDWIG:** Ik rin al hast fiif minuten sa mei dy. Ik kin net mear.

**VIKKI:** Sjoch út foar dy kowestront! En in gat yn'e dyk. Au! Hee, foarsichtich!

**HEDWIG:** Rin dan lekker sels! En trouwens, dit is in gersfjild, gjin greide.

**VIKKI:** Wat sjoch ik dêr dan, in stikje fierder? Fan dy fize, wjerkôgjende, baltende swart-wyt rinnende ûndieren. (*Hedwig komt op en lûkt Vikki achter har oan yn in karre. Se ha gjin bagaazje by harren, mar Vikki hat wol har beautycase fêst*)

**MARIN:** Hedwig, do bist dochs gjin ezel?

**HEDWIG:** Nee, en ik ha ek net in trekheak op'e rêch.

**VIKKI:** Binne wy der?

**HEDWIG:** Vikki wol har nije skuon net smoarch meitsje (*lit har achteroer yn it gers falle en himet as in posthynder*)

**JANE:** Dan lûkt se har pumps út. Vikki, de hele wike stiet yn it teken fan smoarch wurde en wurkje. En de wike is al begûn.

**VIKKI:** Ha ha, dat jildt net foar my hear. En nee, dat is net egoistysk bedoeld. Der moat ien by de tinte bliuwe om op te passen en dyselde soarget ek foar it moarns en it jûnsiten. Ik sil alle moarnen wol broadsjes helje en ik soargje dat der jûns waarm iten is.

**MARIN:** En dat dochst fansels allegearre yn bikini.

**VIKKI:** It wurdt wol moai waar dizze wike, dus in bytsje brún bakke nim ik op'e keap ta.

**JANE:** Vikki, dat hast dan dochs echt ferkeard tocht.

**VIKKI:** Jane, dit is ommers in teambuilding wike? Ik build my helendal stikken.

**JANE:** Elkenien docht oeral oan mei.

**VIKKI:** Dat mienst net.

**MARIN:** Hoe lang bliuwst noch op dyn luie kont yn dat karke sitten?

**VIKKI:** Moast es sjen, wat in blubberbinde. Myn pumps kin ik wol ôfskriuwe as ik dêrym stean gean.

**MARIN:** Dan lûkst dy út en stapst mei dyn bleate fuotten op dat lekkere frisse gers.

**VIKKI:** Lis dan even in kleedsje of soks op'e grûn.

**MARIN:** Stek dyn fuotten mar út. Dan sil ik dy skuon fan dy út dwaan.

**VIKKI:** (*fanatyk*) Ha it lef net om dy oan te reitsjen! Dy skuon hâld ik oan. Dy kringen ha €350 koste.

**JANE:** Kom op, dames. Hjir ha wy gjin tiid foar. De tinten moatte noch opset wurde en ynromme. En der stiet foar hjoed ek noch fan alles op it programma. Mefrou Elfers komt sa en dan moatte wy der klear foar wêze.

**VIKKI:** Elfers? Wat is dat no foar namme?

**MARIN:** Nee, Vikki van der Spek is in moaie namme. Sjoch mar út datst gjin Karel van der Boon troust.

**VIKKI:** Hin?

**MARIN:** Dan wurdt it Vikki van der Spek van der Boon (*laket*)

**JANE:** Wêr is jim bagaazje?

**HEDWIG:** (*bliuwt lizzen*) Noch by de auto. Ik moast har lûke.

**MARIN:** Jim ha sels in karre hierd.

**VIKKI:** Dy wie al beset. Der koe neat mear by.

**MARIN:** Dat leau ik daliks.

**VIKKI:** Mar it belangrykste ha ik meinommen. Myn berntsje (*hâldt beautycase omheech*)

**MARIN:** Ast krekt sa goed foar bern soargje soest as foar dyn beautycase, dan hiest der yn de tuskentiid wol fjouwer omrinnen.

**VIKKI:** Oan myn liif gjin polonêze. Bern soargje derfoar dat dyn liif fan in prachtich strak fel mei spieren yn in plumpudding yn in molkko yn in hobbesek mei teepûdsjes feroaret. Dêr begin ik net oan (*Marin pakt in kampearkleed út har tas en leit dy neist de karre op'e grûn*)

**MARIN:** Hup Vikki, út dy karre wei.

**JANE:** Marin, do litst dy dochs net troch Vikki fertelle watst dwaan moast!

**MARIN:** Nee, ik tink oan wat wy hjoed noch allegearre dwaan moatte. De bagaazje fan dizze dames moat sels noch helle wurde.

**HEDWIG:** (*himet noch*) Doch mar even kalm oan. Ik lis hjir noch wol even lekker.

**VIKKI:** Hedwig, de bagaazje stiet ûnbeheard by de auto. Dat kin echt

net hear (*Hedwig wol wer oerein*)

**MARIN:** Lekker stean litte.

**HEDWIG:** (*sakket wer werom*) Krekt, wat der fan my stiet, stelt dochs neat foar. Allegearre twaddehâns troep. It stiet dêr bêst. En as it stellen wurdt, dan is der noch neat wei.

**JANE:** Helje gewoan sels even dyn bagaazje op Vikki.

**HEDWIG:** (*sûnder oerein te kommen*) En dy fan my ek Vikki. Brûk de karre mar.

**VIKKI:** Hedwig, toe asjeblyft! Der sitte allegearre djoere dingen yn myn koffers. Dy kinne dêr net sa stean bliuwe.

**HEDWIG:** Ik hâld dy net tsjin.

**JANE:** Dames!

**MARIN:** Vikki, sitst no gewoan, sûnder in kleedsje of in handdoek yn dy karre?

**VIKKI:** Hoe sa?

**MARIN:** Tink dy es yn wat dêr allegearre yn ferfierd wurdt. Echt net allinne koffers. Bern dy't yn it bosk boarte ha, in hûn dy't krekt swommen hat, beppe dy't ynkontinint is en even bekomme moat..

**VIKKI:** (*raast en springt út de karre op it kleedsje*) Gadfer. Rûk dan! Ik stjonk helendal. Nei wiete hûn, poepruften, jasses.

**MARIN:** Mar do bist teminsten einliks út dy karre wei.

**HEDWIG:** Moai! Dy bagaazje komt sa. Ik moat ús mem even belje dat ik goed oankommen bin.

**VIKKI:** Jim mem?

**MARIN:** Mar dy is dochs..se wit it dochs allegearre net mear sa goed?

**HEDWIG:** Stel dat se krekt in helder momint hat... (*Ursula Elfers komt op. Rint kordaat. Klaaid as in echte akela, rôchtas op'e rôch, fierrekiker en stopwatch om'e nekke. In hoed op. Hedwig sjocht har even fernuvere oan en wachtet dan ôf*)

**URSULA:** Gutenmittag meine dames. Wilkom op camping Boerenbont. Mein naam is Ursula Elfers. Ich bin jullie coördinator diese week. Waarom staat hier nog kein tent overeind? Over vijf minuten moeten we das bos in.

**VIKKI:** Ha jim personiel yn tsjinst?

**URSULA:** Entschuldigung?

**VIKKI:** Dy't bagaazje fan gasten sjouwe.

**JANE:** Sorry foar it gedrach fan myn meiwurkers. Vikki har bagaazje stiet noch op it parkearterrein by de auto. En se kin der net hinne rinne, omdat se har pumps net út dwaan wol. En ek Hedwig har bagaazje is achterbleaun, omdat se Vikki yn'e karre hjirhinne lûke moast, omdat Vikki har nije pumps oars smoarch waarden.

**VIKKI:** En myn bagaazje is, sis mar, nochal kostber.

**URSULA:** O boy, dit wordt een zware week...Jongedame, of je gaat mit die pumps de bagage ophalen of ich loop er zelf heen en gooie zo die container in, omdat het das terrein vernielt.

**VIKKI:** Hallo, wy binne hjir te gast.

**URSULA:** En ich bin hier de baas. Was wordt it?

**HEDWIG:** Ik helje myn guod dochs mar even op. Oars moat ik fannacht yn myn naky sliepe. Dat doch ik thús trouwens altyd, mar no, no ja, even net, want ik ken Gerard noch net sa goed. Mar mei dy kjeld fan fannacht...

**VIKKI:** Hallo, do leist neist my fannacht, ik wol net neist in neaken frommis lizze.

**MARIN:** Dat soe es in kear wat oars wêze hin Vikki? Nei al dy mannen dy'st moarns neist dy op bêd oantrefst.

**JANE:** Dames, wy rinne achter op it skema. En dit achter rinnen wurdt mei de sekonde mear. Sjit es even op!

**MARIN:** Vikki, ik pas wol op dyn skuon (*Vikki beweecht net*)

**URSULA:** (*yn har walkie-talkie*) Ursula voor die technische dienst. Technische dienst, graag even naach das parkeerterrein gaan en daar wat verlaten koffers aufhalen.

**VIKKI:** Ho stop! Dat gebeurt net! (*suchtet*) Ferdoarje, der sit neat oars op (*Vikki docht de skuon út en set wifkjend en stadich in tean yn it gers*)

**URSULA:** (*giet achter har stean, raast lûd*) En hup, eins zwei drei. Hup eins zwei drei (*fan skrik springt Vikki ynienen mei beide fuotten yn it gers. Elk laket behalve Vikki*)

**HEDWIG:** Ik rin mei dy mei, Vikki.

**VIKKI:** Ik fyn it no al net leuk mear!

**URSULA:** Binnen twee minuten sind jullie terug. Elke seconde later staat voor ein setup. En dat geldt voor de hele groep. De tijd geht nu in (*drukt op in stopwatch*)

**MARIN:** (*entûsjast*) Wat sil dit in geweldige wike wurde...

**VIKKI:** No!

**MARIN:** Sjoch út Vikki. Kowestront op trije oere.

**VIKKI:** (*skrikt*) Wêr? Wêr?

**MARIN:** (*wiist nei in ko yn'e fierte*) Dy ko dêr hat krekt syn súkeladefabryk oansetten.

**VIKKI:** Marin! Jasses! (*Vikki draaft hast ôf. Hedwig docht wat kalmer oan. Marin en Jane laitsje*)

**URSULA:** Goed, das waren Vikki und Hedwig. Und wie sind jullie namen?

**JANE:** Ik bin Jane van Zeil, manager op de ôfdieling Abonneminten

Ferkeap fan Van der Graaf.

**MARIN:** Marin Sanders, sekretaresse fan Mefrou Van Zeil.

**URSULA:** Ach so. Weet vast dat diese week iedereen gelijk ist. Wat jullie functies ook sein. Iedereen gaan afzien, bikkelen, keihard werken, no mercy!

**MARIN:** No, mefrou van Zeil, wy meie aan de bak.

**URSULA:** Und het is dus ook geen Frau van Zeil voor jullie. Het is gewoon Jane. En gewoon Marin. Jullie sein deze week een team, kein laag und hoog, kein meneer und mevrouw, kein manager of secretaresse. Start vast met jullie tent. Want jullie kunnen individueel punten verdienen und in duo's. Gebruik die situatie in die eigen voordeel.

**JANE:** Krekt. In tinte. Mei stokken. En mei seil. Ik ha echt al wol es in tinte opsetten.

**MARIN:** Wy dogge it tegearre, mefrou van..ik bedoel..Jane. wat heart dat raar. Ik ha noch noait...Jane sein.

**URSULA:** Ook kein u. Gewoon jij.

**MARIN:** Fansels mefrou Elfers...eh...mefr... ik bedoel, hoe moat ik jo neame? (*Ursula skodhollet*)

**URSULA:** Aan het werk! (*Jane en Marin helje alle guod foar de tinte út in tas. Se beginne te rommeljen mei stokken, doek en grûnseil*) Die twee dames hebben nog maar tien seconden.

**JANE:** Lit dy setups mar komme. Dy doch ik folop yn'e sportskoalle.

**MARIN:** Sporte jo op in sportskoalle?

**URSULA:** Jij!

**MARIN:** Eh...do..

**JANE:** Al jierren. En ik tennisje ek noch.

**URSULA:** Ein, zwei, drei, vier, fünf..

**VIKKI:** (*fljocht op mei har bagaasje*) Wy binne der. Wy binne der! Net mear telle!

**URSULA:** Sechs, sieben, acht.

**VIKKI:** Ho stop! Wy binne der dochs?

**URSULA:** Ich sie Hedwig nog nicht.

**VIKKI:** Mar se rûn...krekt wie se noch flak achter my..

**URSULA:** Zehn, elf zwölf.

**VIKKI:** Dêr is se al! (*Hedwig komt op. Net allinne mei in rôchsek. Se hat ek noch in koffer en in grutte tas*)

**MARIN:** Hedwig, sjousto ek noch mei Vikki har spul?

**HEDWIG:** In pear mar. Sy hie ek al twa koffers.

**JANE:** Wat moasto mei al dy koffers?

**URSULA:** Iedereen op die rug op das gras en zwölf setups.

**VIKKI:** Wy wienen mar tolve sekonden te let.

**URSULA:** Dus ook maar zwölf setups. Das ist kinderspel.

**HEDWIG:** Wat is dat ek wer eins, setups?

**JANE:** Doch my mar nei, Hedwig.

**MARIN:** Mefrou van Z...eh...Jane giet nei de sportskoalle, Hedwig.  
Dy wit it persys.

**HEDWIG:** Jane, wa is dat? (*Ursula skodhollet. De fjouwer froulju geane neist elkoar op'e grûn lizzen. Vikki doch der lang oer*)

**VIKKI:** Myn fuotten yn it gers, okee, mar myn hele lichem!

**URSULA:** Vikki, kom auf! Liggen und beginnen! Wir haben een douche op die camping (*fertwivele giet Vikki lizzen. Hedwig sjocht nei Jane hoe't it moat. Jane doch samar 12 setups en Marin ek. It kostet Vikki folle mear muoite en Hedwig komt nei seis kear net mear omheech. Jane is al wer mei de tinte oan'e gong en Marin ek. Vikki bliuwt lizzen*) Kom auf Hedwig, hoofd nach dy knieën toe. Nog maar een paar! Hup, hup, hup! (*einliks is Hedwig ek klear, se himet ferskriklik*) Dames, jullie zetten in tweetallen jullie tent op. Het duo dat das eerste klaar is, ontvangt zehn punten.

**VIKKI:** (*komt wat omheech*) Wat? Moatte wy in wedstrydsje dwaan?

**URSULA:** Ja. Individueel und in duo's kunnen jullie punten verdienen. Diegene die aan das eind van de dag bovenaan staat, krijgt een warme maaltijd.

**VIKKI:** Huh? Wy moatte dochs allegear ite?

**JANE:** Ek it iten moatte wy sels by elkoar skarrelje en klearmeitsje op it fjoer.

**VIKKI:** Echt?

**JANE:** Dat hjit survivalje, Vikki!

**URSULA:** Kom auf! Die tenten moeten overeind.

**HEDWIG:** (*komt muoisum oerein*) Mei ik wol even in slokje wetter ha?

**URSULA:** Al drink je er zehn, het kost jou und Vikki tijd.

**VIKKI:** Kom op Hedwig. Dy tinte moat oerein (*Hedwig pakt it guod foar de tinte. Vikki sjocht der nei*)

**HEDWIG:** Asto dy stokken yn elkoar setst, dan begin ik mei it grûnseil.

**VIKKI:** Ik kin dochs helendal gjin tinte opsette? Ik kin noch net iens in lampke ferfange of in fytsbân plakke. Dêr ha ik myn mantjes foar.

**MARIN:** Dy'st fansels yn natura betellest?

**VIKKI:** Ja, kloppet.

**HEDWIG:** Echt?

**VIKKI:** Myn eigenbakte appeltaart is ferneamd (*pakt in stok op*) Ik ha in stok. En no?

**HEDWIG:** No sikest de stokken op kleur by elkoar. En dy skoost dan yn elkoar. Dat kin sels in bern dwaan.

**VIKKI:** Behalve as it kleureblyn is (*laket dom*)

**MARIN:** Miskien moast in kabaretshow begjinne, Vikki. Dan nûgest al dyn freonen út en kom ik ek allinne.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via  
[www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en  
toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



[info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)



072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**